1e JIERGONG JULY 1981 NR. 10

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



**Jachtwerf Eernewoude**
Princehof 3
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

# Fa. Westerdijk en Zn.

**Gem. Jachthaven**
Feansterdyk 2
Tel. 9360




Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhoud van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

# Voor al uw levensmiddelen

**Aardappelen - groenten - fruit**

**bloemen en planten naar:**



# Gerrit en Goke Adema

**Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371**

VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

DE DOARPSOMROPPER

Moannebléd foar Aldegea en omkriten

Samlers:
R. Jansma - Udema
B. Wijma - v.d. Wal
L. de Jong
C.T. Pool - Bruinsma

Samlerskip:
Achterwei 5
Till. 05127 - 1726

KOPY FOAR IT RISPMOANNENUMER FOAR
16 AUGUSTUS O.S. YNLEVERJE OP ACHTERWEI 5

YNHALD:

Ferieningsnijs
* Succes voor PC klaverkampruiters

Skiednis
* It san
* Dit wiene ek Aldegeasters
* Fearskippers
* Frijheidsfeest 1913

It witten wurdich

Fan alles wat

Culturele agenda

Sociale wurklist

## HAADARTIKEL

### GEMEENTE EN DESINTRALISAASJE

Men kin it wurd langer gauris hearre: disintralisaasje, yn ús eigen taal: sprieding, sprieding fan foech. It komt gauris út'e mûle fan bestjoerders. Sy bedoele mei desintralisaasje, dat it sintrum — want dat wurd sit yn desintralisaasje bebakt — wat of leaver in bulte fan syn macht, syn foech ôfstean moat. Dat sintrum is it bestjoerssintrum, Den Haach. De lanlike regearing moat macht oerdrage oan de s.n. legere oerheden: provinsje en gemeente. Foar ús, boargers dy't bestjoerd wurde, in goede saak; wat tichter it bestjoer by ús wennet, wat nofliker. In reiske nei Ljouwert of nei Drachten is makliker te meitsjen as nei Den Haach. Mar hoewol't der al jierren oer sprieding praat wurdt, it eint net hurd. En dat leit him net oan'e provinsiale en de gemeentlike oerheden, dy wolle wol graach mear foech ha. No soene wy ferwachtsje meie, dat de legere oerheden, dy't foar desintralisaasje binne, yn har eigen bestjoersgebiet it goede foarbyld jouwe en dêr ek oan it sprieden binne. Mar dêr is gjin sprútsel fan te fernimmen. It is sintralisaasje wat de klok slacht, teminsten yn ús eigen gemeente. Of . . . . soe desintralisaasje sa fier net gean moatte; moat dy ophâlde yn Grou, yn Burgum, yn Drachten? Ik krij der efkes in ensyklopedy by (Grote Oosthoek) en dy seit: "Decentralisatie is de inrichting van het bestuur, waarbij niet alle overheidsorganen op één plaats gevestigd zijn". Dus dochs! Mar fan dat prinsipe is noch net folle op'e hispel kommen. Soe der wol wat fan op'e hispel komme? Nim no ris oan, ja, it sil wol nea barre, mar nim do dochs mar ris oan, dat it ferneamde PTT-kantoar, dêr't al jierren oer praat wurdt, dat dat kantoor no einlings dochs út Den Haach wei nei it noarden ta komt. En nim dan ek ris oan, dat Smellingerlân dêr in lyts ûnderdieltsje fan krije kin. Wêr, tinke jo, soe dat kantoar dan komme te stean? Sis it mar . . . . Ja, krekt, dat tocht ik ek, dêr binne wy it aardich oer iens.
Desintralisaasje is in goed ding, tinke ús gemeentebesjoerders, mar wy moatte it fansels net oerdriuwe. Want der is neat te betinken, dêr't wy yn Fryslân sa fij fan binne as fan oerdriuwen.

L. d. J.

Doe't my frege waard om in sit yn'e redaksje fan'e "Doarpsomropper" te nimmen ha ik, al liket it guon raar ta, net sa lang yn birie stien. It wie wier net om't ik oars neat om hannen ha, mar de redaksje fan dizze krante wie oan't no ta gearstald út "tsjerklike minsken" om it sa mar te sizzen. Ik fyn persoanlik dat yn in redaksje fan in doarpskrante fan alle rjochtingen wat oanwêzich heart te wêzen en dat wie oan't no ta net it gefal. Men woe dat wol oars ha en der wol ik graach oan meiwurkje. Der is tige war dien om in man foar dit wurk te finen ynsté fan in frou, mar dat is net slagge. Men siket noch, want it is de bedoeling om de redaksje út te wreidzjen mei in fyfde persoan. Ik siet lykwols mei wat fragen. Sa hie ik hjir en der heard dat de doarpskrante de Aldegeaster klubkrantsjes der út wrotte woe en leafst sa gau mooglik. Men sei my ta dat soks perfoast net it doel is. Wol sit men wat mei de adverteerders, it is foar de Aldegeaster middenstân net op te bringen en advertearje yn alle krantsjes seit men. Derfoar sil noch in oplossing komme moatte en oars hinget ús doarpskrante oan in siden triedsje. Dat soe my o sa spite. Oan't no ta is dizze krante foar de ynwenners fan Aldegea fergees. Guon minsken sizze, wy wolle der wol wat foar betelje. Faaks dat it sykjen fan stipers dy't in frije bydrage jaan wolle in oplossing wurde kin, mar soks moat allegear noch besjoen wurde.

C.T. Pool - Bruinsma

HOTEL RESTAURANT

"Het Witte Huis"



* ZALEN VOOR GROTE PARTIJEN

* FAMILIEDINEETJES

* ZAKENDINERS

* GESPECIALISEERD RESTAURANT

HET GEHELE JAAR GEOPEND

******

uw gastheer is de heer S. MODDERMAN

van harinxmaweg 20 olterterp
tel. 05126 - 1262

## FERIENINGSNIJS

D A M C L U B



O U D E G A

Deze keer wederom twee fraaie combinaties: één vanuit de opening en één vanuit het eindspel, een zogeheten miniatuur. De eerste is tamelijk verrassend. Zwart heeft als laatste zet 21-27 gespeeld. Dit lijkt mogelijk, maar dat is slechts schijn. Wit combineert nu naar dam.




De tweede stelling is het werk van een problemist. Deze lieden zijn a.h.w. de poëten van het damspel. Ze hebben een andere doelstelling dan partijspelers, maar ook het eindresultaat van hun edel streven mag er vaak zijn. Een voorbeeld hiervan vormt diagram 2.




De rommelmêrke dy't de musyk-foriening "Looft den Heer" elk jier hâldt, wurdt dit jier oerslein. Folgjend jier plm. septimber rekkenje we wol wer op jimme help.

Musykfer.
"Looft den Heer"
Siepie Riemersma

IS UW HOBBY RUITERSPORT?

Wij kunnen uit voorraad leveren:
* RIJZADELS naar maat, o.a. origineel stubben
* HOOFDSTELLEN
* HALSTERS
* KARWATSEN
* LUXE DEKKEN
* VILT- EN BONTSCHABRAKKEN
* ALLE VERZORGINGSARTIKELEN



Ook ruime keuze in:
* DAMES-, KINDER- en HERENRIJBROEKEN, geheel rekbaar, diverse kleuren
* RIJJASJES
* RIJCAPS
* RUITERHANDSCHOENEN
* RUITERDASSEN
* RIJLAARZEN
* Ook fraaie GESCHENKARTIKELEN

EIGEN REPARATIE-AFDELING

★ ★ ★ VLOTTE SERVICE - LAGE PRIJZEN ★ ★ ★

Vraag vrijblijvende inlichtingen bij:

A. Th. de Boer en Zn. b.v.
landbouwbenodigdheden, tuinartikelen en gereedschappen
drachten, folgeren 16, tel. 05120-18205




CORSETTERIE

Corsetten en B.H.'s passen
en kopen bij u thuis

Voor deze kostenloze service
kunt u terecht bij:

Mevr. A. ter Wisscha - Bleeker
Sânbuorren 5, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1950

Gediplomeerd corsetière

Belt u gerust eens vrijblijvend voor een afspraak

Uitsluitend bekende kwaliteitsmerken

OOK
Steunkousen, protheses, ondergoed

K.v.K. nr. 64967



## SUCCES VOOR PC KLAVERKAMPRUITERS

Bij de op 4 juli gehouden kringwedstrijd voor pony's in Garijp, behaalden weer verschillende ruiters en amazones van de PC Klaverkampruiters een prijs en anderen een winstpunt. Het weer was prachtig en er waren 230 deelnemers van plm. 12 verenigingen. De volgende streekwedstrijd is op 29 augustus in (Oude Herne) Oudehorne. Er worden 6 van deze streekwedstrijden gehouden per jaar, verdeeld over verschillende plaatsen. Voor de paarden zijn ook 6 streekwedstrijden. Oudega kreeg ook één wedstrijd toebedeeld en dan op 8 augustus in de Bouwvak-vakantie bij Oebele Paulusma op het land. De onderdelen B, L, M, Z dressuur worden dan verreden en springen. U bent van harte welkom, de toegang is vrij. Hier volgt de uitslag van de PC Klaverkamp:

**B. dressuur**

| | | |
|---|---|---|
| Auke Bouma op | Huskie | 5e prijs |
| Sandra Merkens op | Dina | 7e prijs |
| Rinneke Jansma op | Maria Vera | 8e prijs |
| Sjoerdtje Algra op | Roman | 8e prijs |

**B. springen**

| | | |
|---|---|---|
| Albert Antonides op | Pascal | 2e prijs |
| Sytze Algra op | Annabel | 4e prijs |

**L. dressuur**

| | | |
|---|---|---|
| Harm Kooistra op | Lady | 1e prijs |
| Melle Kooistra op | Gobelin | 7e prijs |
| Sipke Riemersma op | Alexander | 8e prijs |

**L. springen**

| | | |
|---|---|---|
| Sipke Riemersma op | Alexander | 2e prijs |

## "KOMT TIJD, KOMT RAAD"

Eindelijk daar hangt hij dan. De aangeboden klok, door plaatselijk belang, in de nieuwe sportzaal. Het was erg moeilijk om een geschikte en duidelijk leesbare klok te vinden. In verschillende sporthallen en sportzalen hebben we om ons heen gekeken en in velen vonden we de "tijd" op grote afstand niet duidelijk. Toch meenden we dat dit wel belangrijk was. Maar . . . . . de aanhouder wint, sprak Heinze tijdens de opening van de sportzaal; aan die raad hebben we ons dan ook maar gehouden en hebben uiteindelijk een klok naar onze zin gevonden. Iedere (binnen) sportende Oudegaaster heeft nu kunnen zien dat hij op een mooie plaats boven de materialenopslag hangt. Vanaf alle hoeken van de zaal kan men nu weten "hoe laat" het is. Ook hopen wij van het bedrag van de Rabo-bank nog iets blijvends aan te schaffen. Dat zult u dan te zijner tijd zeker van ons horen (lezen). Dan nog een oproep: zijn er ook dorpsgenoten die toevallig foto's hebben gemaakt (en die gelukt zijn) van de rondrit met de beide wethouders in de sjees van Fokke Steenstra en de commissie op de boerenwagen van Harm Wijmenga? We zouden graag een paar foto's willen inlijsten en een toepasselijk plaatsje geven in het gebouw. Mocht u een foto hebben, bezorg deze dan even bij een commissielid. Alvast bedankt.

Uit naam van de commissie
D. Veenstra-Moedt


esa travel counter

BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755*

| | |
|---|---|
| vliegreizen | chalets |
| cruises | touringcarreizen |
| safari's | treinreizen |
| expedities | wereldvliegreizen |
| scheepspassages | wintersport |
| groepsreizen | bejaardenreizen |


## AAN DE OUDERS,

kleuters die voor 1 oktober 1981 4 jaar worden, mogen direkt na de zomervakantie (31 augustus) naar school.
Wilt u uw kind dat hiervoor in aanmerking komt, of kinderen die in het komende schooljaar 4 jaar worden, zo spoedig mogelijk na de zomervakantie opgeven?

Vriendelijke groeten
Sari Bouma, Nanda Kingma
Chr. Kleuterschool "De Beukerstins"
Buorren 34a,
9216 WE Oudega


WELLING - BAR
Petit - restaurant



** als vanouds het café met de fijne sfeer*
** prima keuken en fijne wijnen*
** geschikt voor kleine recepties en vergaderingen*
** diverse exposities van amateurschilders op de bovenzaal "De Bûthûssouder"*

**Vanaf dinsdagsmiddags 3 uur geopend; in de weekends tot 2 uur.**

Grandioze

schoenenmode

opruiming bij

GARANT SCHOENEN

lampers schoenen

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

TOUW
WINDSURFING
WATERSPORT

DEALER VAN ALLE BEKENDE MERKEN SURFPLANKEN.

o.j. van der baan r.v.

Noordkade 57 DRACHTEN Tel. 05120 - 12004

mode

Nagel

Kinderen
dames
Heren

Bergum Schoolstraat 5

*VERLOVING- OF TROUWPLANNEN?*
*Haal dan snel even de allernieuwste catalogi 1981/1982 op.*
*Natuurlijk bij "DE SLAG".*

*Daar liggen ze gratis voor jou klaar.*
*Bekijk ze rustig, want je maakt een keus voor lang.*
*Vergelijk ook de prijzen, want elke gulden is er één,*
*vooral als je nog beginnen moet.*
*Wij hebben diverse bekende merken in voorraad en*
*nergens goedkoper,*
*want in 14 karaats reeds vanaf f 225,-- p./paar.*

*Tot ziens bij "De Slag".*
*Als je toch mooi en goed, maar*
*niet duur wilt.*
*Natuurlijk ook op onze andere*
*gouden en zilveren voorwerpen*
*forse kortingen.*



*JUWELIERS "DE SLAG"*
*SELMIEN 2, OLTERTERP*
*TEL. 05125 - 1695*

R IJ L E S ? ? ? ? ? ?

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook
een
A U T O M A A T ! ! ! !

**Autorijschool W. PIJL, Ureterp**
**Foareker 27 tel. 05125 - 2151**

Gedipl. instructeurs:

| | | |
|---|---|---|
| Wiebren Pijl | Ureterp | 05125 - 2151 |
| Niek Zwart | Surhuisterveen | 05124 - 3144 |
| Piet Aans | Hemrik | 05166 - 497 |

**en voor OUDEGA e.o.:**

| | | |
|---|---|---|
| **Geert v/d Klijn** | **Drachten** | **05120 - 15210** |

onze GARANTIE:
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona . . . . . binnenkort
B.M.W. en Renault ! ! !

*KOOISTRA'S*
TEXTIEL

BUORREN 22 **Tel. 1258**
OUDEGA (SM.)

WIJ GAAN MET VAKANTIE
VAN 3 AUGUSTUS t/m 15 AUGUSTUS

Maandag 17 augustus staan wij weer
geheel tot uw dienst.

**Ook voor rijbewijzen, paspoorten,**
**weekkaarten en abonnementen**
**kunt u op het postkantoor terecht.**

* * * * * * * *

**Voor postzaken wordt tijdens onze vakantie**
**zitting gehouden in het voormalige postkantoor**
**op de Jachtweide.**

**Openingstijden worden nader bekend bemaakt.**

## SKIEDNIS

### IT SAN

It is no krapoan 15 jier lyn, it wie leau'k yn 1967, doe ûntstie der "samar" yn ús doarp in merakels moai plan, in rekréaasjeplan, ien dêr 't takomst yn siet. Sa't it faken mei soksoarte plannen giet, sa gong it ek mei dat Aldegeaster plan: it ûntstie spontaan, sûnder in oanwiisbere oarsaak. Wa't it brein wie efter dat plan, ik wit it net. It hat moai grif in beskieden minske west, ien dy't leaver mar wat op'e eftergrûn bliuwe woe. Mar it plan bleau net yn in laad lizzen, dêr soargen in stikmannich Aldegeaster promotors wol foar; yn't earstoan wiene dat: M.A. de Vries; W. de Vries; W. Welling en R. van Zonneveld. Doe't dy de rêgen der ûnder setten wie it plan al ridlikgau bekend as plan "It Sân". It gong oer it ALDEGEASTER SAN, in mar dy't oan'e súdkant fan it doarp lein hat en yn'e tweintiger jierren droech makke is. Neffens niisneamd plan moast in part fan dy eardere mar wer ûnder wetter setten wurde, ryklik 30 bunder. De Grontmij waard der foar spand en yn in koart skoftsje sette dy wat moais op it tekenpapier. Yn 't foarste plak stie der in moai grutte sânpet op om yn te baaien en op te farren, de boaiem soe skean delrinne fan 0 oant 150 sm. Om it safier te krijen soe der fansels hiel wat grûn ferpleatst wurde moatte. Dy grûn koe ferkocht wurde, want op it boppeste tinne laachje swarte grûn nei sit dêr klearebare wyt sân. Gaadlik materiaal foar byg. wegebouwers en sa'n wytsânnen boaiem is fansels ek poer geskikt as baaiplak. Om it marke hinne soe in greide foar sinnebaaiers komme, boartersgrien foar lytsen en grutten en in parkearplak foar plm. 1.000 auto's. De niisneamde kommisje fan fjouwer sette mei faasje útein. De gemeenteried krige foarljochting, want sûnder help fan'e gemeente koe't net, fansels. De kommisjeleden rekkenen de ried foar dat it Aldegeaster plan goedkeap wie, mei't der sa'n protte sân ferkocht wurde koe. It wie ek net in plan foar it doarp allinne, út fiere omkriten soe it deirekréanten oanlûke. De kommisje fan fjouwer hat in hûdfol wurk dien, mar yn koarte tiid rekke it plan "It Sân" fier en hein bekend. Mar B. en W. leine der fuortdaliks it near op, f'ral B. Nee, de kommisje moast har der mar neat fan foarstelle, want it plan koe net útfierd wurde. De gemeente hie har eigen rekréaasjeplan, makke troch in ir. Roorda van Eysinga en dêr stie it Aldegeaster plan net op fansels, dat sadwaande. Op it gemeentlike plan leine de rekréaasjeterreinen oan'e súdkant fan Smeliester Sân, Wide Ie, ensfh.; it Aldegeaster plan lei oan'e noardkant fan dy wetters en dus . . . . . B. en W. bieten har dus fêst yn it eigen plan. As der njonken sa'n plan in better plan ûntstiet dan liket dat folk net de soepelens fan geast te hawwen om dat nije ek yn it eigen plan opnimme te kinnen. It is faaks in prestiizjekwestje, faaks is it foar harren ûnmooglik om ta te jaan, dat der überhaupt in better plan as harres bestean kin. Yn alle gefallen, doe't de doetiidske boargemaster sein hie, dat hy der op tsjin wie, wie it lot fan it Aldegeaster plan eins al besegele. De boargemaster wie in baas yn it manipulearjen. It is yn dit blêd al ris earder sein, yn bestjoerssaken krije B. en W., en benammen B, ornaris har sin. Roma locuta, cousa finita. Mar diskear wie de saak mei in simpele útspraak fan B. en W. net útiten. De gemeenteried aksele tsjin, liet him troch B. en W. gjin earen oan'e holle naaie en woe net oan hantsje fan de hearen rinne. De ried woe it selsstannich tinken net opjaan en miende, dat plan "It Sân" wol yn it gemeentlike plan opnommen wurde koe; doe't der oer stimd waard staakten de stimmen, sa't dat hjit, 11 : 11.

Ien riedslid wie siik, dat dy soe letter de trochslach jaan moatte. Dat stimmen hie pleats yn septimber '68. Doe barde der in hiel set neat. No ja, neat, neat, de Aldegeaster kommisje hold net op mei propagandameitsjen. Hja wie der fan oertsjûge, dat hja in goed plan hie, in plan dêr't de hiele regio fan profitearje koe en dêrom de striid wol wurdich. De kommisje makke wrâldkundich, dat it oarspronklike plan frij maklik noch 65 bunder grutter makke wurde koe! De boargemaster manipulearre troch. De ûntwerper fan it gemeentlike rekréaasjeplan kaam yn Smellingerlân om syn geastesbern te hoedzjen foar Aldegeaster oanfallen. Folle nijs hie de man net te fertellen, hy en de boargemaster, of hy en B. en W., songen wakker itselde wyske. It gemeentlike plan lei der no ienris en sa't it der lei moast it ek útfierd wurde. It plan "It Sân" paste der net yn en dat moasten de lju no einlings ek ris begripe. Amateurs hearre professionele plannemakkers net foar de teannen te rinnen. B. en W. brochten in nij wapen yn't fjild, swier geskut: de Drachtster Bosk! Bûten Drachten wie der suver gjin minske dy't begripe koe wêrom 't dy bosk der komme moast. Wat soe in doarp, dat suver deun tsjin Olterterp en De Sweach oan leit yn'e goedichheid mei in eigen bosk dwaan moatte? In rottekrûddjoer statusgefal, fansels, wat soe men der oars yn sjen moatte. O heden, nee, waard der tsjin ynlein, gjin status, infrastruktuer. En de bosk stie wol op it gemeentlike plan, dat moasten de tsjinstanners net ferjitte. Der wie alris wat hinne en wer skood mei dy bosk op dat s.n. net-te-feroarjen-plan, mar wa't dêr oer stroffele wie in kniesear. Fan dat stuit ôf (wy hawwe it no oer nov.'69) wie't in twakamp: Drachtster Bosk tsjin Aldegeaster Sân. It soe ien fan dy twa wurde moatte, want allebeide, dat koe de brune net lûke. En fan dat stuit ôf stie de útslach wòl fêst. Wy wenje, en dêr moatte wy goed om tinke, wy krije nammers ek de kâns net om dat te ferjitten, yn in gemeente mei in wetterholle. It seit himsels, dat leart in ienfâldich rekkensomke, dat yn sa'n gemeente de wetterholle, it grutte haadplak, ek it grutste tal riedsleden leveret. En in riedslit is ek mar in minske, mei deselde deugden en ûndeugden as oare minsken. Men kin dus fan tinken wol ha, dat, doe't B. en W. begûnen te appellearen oan it latinte chauvinisme yn'e minsken, dat doe mannich riedslid him troch harren yn'e ruften lizze liet. Yn't lêst fan nov. '69 kaam it plan "It Sân" wer op'e wurklist fan'e ried te stean; by't stimmen wiene der 13 tsjin plan "It Sân", mar dochs stiene der noch 9 efter it plan. En mei dy útslach wie plan "It Sân" dus fan'e baan, foargoed. De koartsichtigens hat it wûn, of faaks it chauvinisme, of faaks de kombinaasje fan dy twa, wa sil it sizze. Ien ding stiet as in



**Autohandel - Spuitinrichting**
**Schadereparatie**

*VAKANTIE VAN 15 t/m 29 AUGUSTUS*

BOVAG-lid

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777


peal boppe wetter: as plan "It Sân" doe oannommen wie, dan hie der no yn ús gemeente in gebiet foar iepenloftrekréaasje lein, dat yn fiere omkriten syn wjergader net hawwe soe. In gebiet benammen foar minsken mei lytse beurskes. No is der neat, of ik moat my al raar fersinne; hat in lêzer fan dit blêd wol ris op rekréaasjeterrein oan'e súdkant fan'e Wide Ie of it Smeliester Sân west faaks? Foar de rekréaasje yn ús omkriten hat dy novimberdei fan '69 in strieminne dei west. Ien aspekt sit der oan'e saak, dat ik dochs noch efkes neame wol. Yn dyselde riedsgearkomst fan nov. '69, doe't plan "It Sân" fan'e tafel reage waard, seine B. en W. ta, dat der "een onderzoek ingesteld zal worden naar de haalbaarheid van een bescheiden zwemgelegenheid bij Oudega, die niet meer dan een plaatselijk karakter zal dragen". (kranteberjocht) Fraach oan'e lêzers: hat ien fan jimme al ris swommen yn dy "bescheiden zwemgelegenheid"? En dat ûndersyk? Is dat wol serieus oanpakt? Yn dyselde riedsgearkomst fan nov. '69 neamde in riedslid fan in lytse partij dat alternative plantsje doe al in "zoethoudertje". Yn goed Frysk oerset: in sobberke, sa'n ding dat wy in lytse poppe yn'e mûle triuwe om him stil te krijen. De fraksjelieder fan in grutte partij snuorre him ta, dat er dat in "laffe opmerking" fûn. Mar wa hat no gelyk krige, de man fan dat "zoethoudertje" of dy fan de "laffe opmerking?" Guon dy't dit lêze sille grif tinke: wat jout dat no, al dy âlde kij wer út'e sleat helje. Mar it ferline kin tige learsum wêze. It kin ús leare, dat wy wol hiel hoeden te wurk gean moatte as der takom jier wer mantsjes en wyfkes foar de ried keazen wurde moatte. It bêste is noch mar krekt goedernôch. It moatte benammen bestjoerders wêze, lju dy't sels de leie yn'e hannen ha wolle en kinne. De ried bestjoert de gemeente, sa stiet it yn'e wet.

L. d. J.

## DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

Jierren lyn hawwe der hjir in man-en-wiif wenne, dy't ivich en altyd oan it kreauwen en bytiden suver slaande deilis wiene. Ivich en altyd, mar dat is fansels oerdreaun; foar't each fan'e minsken like it sa, mar it waar is net altyd striemin en een minskesin ek net. De kreauwerij begûn mei dy twa wolris sa: Sytske, mei in sin as in baarch, smiet Willem syn pûdfol prûmtabak yn'e jarrekolk. Doe't Willem der om socht en gewaar waard wat Sytske der mei útheefd hie stie der krekt in panfol aaien op'e tafel. Willem betocht him gjin twa tellen, hy naam de panne en kwakte de ynhâld der fan tsjin'e souder oan. Dat wie dan de ynlieding fan in dei fol ellinde, alhoewol, it waar koe ek samar ynienen omslaan, hja wiene sa hij sa fij, dy twa. As Willem dan mei de lulke kop nei boppen ta stode en op'e souder lizzen gong, dan begûn Sytske ûnder mei in peal tsjin de souderbalken oan te hompen, dat it davere troch it hiele hûs. Mar doe rûn Willem op in dei mei de lulke kop fuort, nei de buorren ta, gong yn'e herberch sitten te sûpen en bekroade him net mear om syn buorkerij. Doe't er mar net werom kaam krige Sytske yn'e rekken wêr't Willem wolris tahâlde koe en brette op wrake. Der is altyd wol in stien te finen om in hûn te smieten en Sytske fûn in grouwenien. Wolberet sette se de hikken iepen en liet it fee de wei op rinne. Doe lei se de lytse poppe yn'e bernewein en poate dêrmei nei de buorren ta. De pimpelder wie al gau fûn; Sytske, de lippen stiif opinoar, skode de bernewein de herberch yn, sette him njonken de seupelder del en sylde mei in slach yn'e rêch de doar wer út. Mar de minsken moasten wol goed op har wurden passe, mei dy twa. Dat hat Melle de Vries, doe noch mar sa'n groujonge, ris ûnderfûn. Melle rûn op in dei by harren oer't hiem en dêr heinde Sytske him op en begûn te jeuzeljen oer Willem en wat dy har allegear wol net oan die en hoe'n min libben se hie en folle net genôch. Melle stie der efkes nei te harkjen. Doe sei er: "Eeh no, minske, ferjou him,", draaide him om en rûn troch. Yn'e jûntiid kaam Melle der wer lâns.

Willem en Sytske sieten yn't moaie waar bûtendoar op in bankje, deun tsjin inoar oan. Willem hie syn hân op Sytske har knibbel, sa stjonkend iens wiene hja wer. Doe't Willem Melle yn'e kikert krige riisde er oerein en sette op Melle ta. "Do grutte ferrekkeling", raasde Willem him ta. "Woest my ferjaarn, hen, stjonkert!". Doe moast Melle meitsje, dat er fuort kaam, dwars oer it ierpellân hinne. "Ik hear de lofkes nòch risseljen," fertelde Melle in jiermannich lyn noch.

L. d. J.

## FEARSKIPPERS

Eartiids wie de ferbining fan Aldegea mei de bûtenwrâld net sa bjusterbaarlik bêst, benammen de lânwegen net. Der wie mar ien: de Aldegeasterdyk. Foar 1920, it jier doe't it Woudagemaal by De Lemmer begûn te meallen, wie dat in minne ferbining, dy't by't hjerst amper mei droege fuotten te begean wie. Yn 1911 is de wei nei Garyp oanlein, de wei nei Earnewâld is fan 1938. De beide lêstneamde wegen sille wol goed west ha yn'e tiid, doe't se oanlein binne, mar hjoeddedei binne it gewoan strieminne, tredde of fjirde klasse. En ek de Aldegeasterdyk is gjin wei om foar te hantsjeklappen. De ferbining oer lân wie eartiids min, mar lokkigernôch lei Aldegea ek oan't wetter en ús doarp hie skipperij, dy't fan belang wie, ek foar de oanbuorjende doarpen. Ferfier fan minsken en frachten gong eartiids meastal oer't wetter yn ús lân — as ik hjir it wurd lân brûk dan haw ik it oer Fryslân. Nôt út De Pein en Nijegea waard nei Aldegea ta brocht en kaam hjir yn't skip. En al fier foar 1700 wiene der twa fearskippen dy't de ferbining fan Aldegea mei de bûtenwrâld ûnderholden. Yn 1712 krigen Hindrik Wierts, Evert Barents, Sierd Minnes en Eable Johannes, fearskippers te Aldegea, oktrooi; d.w.s. hja krigen fan de oerheid — de Fryske oerheid, want doedestiids hiene wy mar och sa'n bytsje mei Den Haach te meitsjen — fergunning om mei fearskippen foar de bewenners




It is guon minsken like folle
oft de ko skyt of de bolle

Mar foar in goed stik fleis, sa ha 'k ûntdekt
komt it de measten tige krekt

Dêrom en dit is tocht ik kleare taal
stiet kwaliteit by ús sintraal

En smakket it jo tige lekker
tinke jo, hjirfan wol 'k mear

Dan steane wy mei de bekende kwaliteit
foar fulling fan jo friezer klear

Dus foar ljirre, snijwoarst of
in stikje rikke spek op brea

Hoask oanrikkemedearre

OEDS PIETERSMA

SLACHTER ALDEGEA



NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE WINKELWAGEN




SRV

Jachtweide 7 Oudega telefoon 1652

R. v.d. VELDE

fan Aldegea, Nijegea en De Pein nei Ljouwert te farren. Sa'n oktrooi hold ek yn, dat hja en hja allinne in fearskip der op nei hâlde mochten. Ut dat oktrooi docht ek bliken, dat der fier foar 1712 ek al fearskipperij yn Aldegea wie.
Fan plm. 1800 oant 1965 hawwe de Wellings de fearskipperij yn hannen hân. Dat is in hiel skoft en wy kinne dêrút wol opmeitsje, dat de Wellings goede, betroubere fearskippers west hawwe. Der binne minsken dy't miene, dat foarhinne alles sa frij wie, dat elkenien mar dwaan en litte koe wat er woe sûnder dat immen fan de oerheid in bulte tûkelteammen krige. Dat is in misbegryp, teminsten wat de fearskipperij oanbelanget. Wy ha niis al sjoen, dat in fearskipper in fergunning, in oktrooi ha moast. Us lêste fearskipper, Wytse Welling, hat my in boekje sjen litten út 1827 en dêryn wurdt yn 23 siden tige krekt beskreaun wêr't de fearskipper him oan te hâlden hie, dat wie it "Reglement voor de beurtschippers". Op'e lêste side hat de doetiidske grytman Hector Livius van Haersma van Vierssen (1816-'32) it mei syn hantekening bekrêftige. In pear kêsten dêrút wol ik efkes ôfprintsje.

---

Art. 9.

Alle Vragtgoederen, die op de beurtdagen ter vervoer worden aangebragt, moeten de Schippers overbrengen, en zoo het beurtschip dezelve niet alle laden kan, moet er een tweede Schip worden aangelegd.

Art. 10.

Na het slaan der klok op het bepaalde uur, zullen de Schippers de Passagiers verzoeken aan boord te gaan, en dadelijk van wal steken.

Art. 12.

De Passagiers en allen, met wien de Schippers in hun beroep te doen hebben, moeten door dezelve met beleefdheid worden behandeld.

Art. 14.

De Schippers moeten bij hunne aankomst, te *Oudega* dadelijk de klok luiden op dat een ieder zijne goederen kunne afhalen. De brieven moeten door de Schippers zoo spoedig mogelijk bij hunne aankomst, aan derzelver adres worden bezorgd.

Art. 17.

Zij zullen in witte verw, met groote letters aan beide zijden van den kop van het roer plaatsen en zorgen dat zoodanig aldaar altijd geplaatst blijve: *Oudega*, *Nijega en Opeinde*.

---

De siden 12 o.e.m. 23 fan it boekje geane oer de tariven, it frachtjild dat de skippers freegje mochten. Dêr jou ik ek wer in stikmannich foarbylden fan, aardich materiaal om te ferlykjen mei no.

---

( 12 )

***TARIEF DER VRAGTLOONEN***
***voor de Veerschippers van***
***van* Oudega, Nijega *en* Opeinde**
***op* Leeuwarden *en vice versa***

| | |
|---|---|
| **Aardappelen** (ieder korf, in zakken | *f* 00,05 |
| in korven | – 00,07½ |
| **Appelen** (de korf | – 00,10 |
| **Anijs en andere Likeuren,** het Anker | – 00,25 |
| **Asch** (Pot en Wied, ieder 25 N. P. | – 00,05 |
| **Azijn** (het Oxhoofd | – 00,40 |
| « Aam | – 00,30 |
| « half Aam | – 00,20 |
| « Anker | – 00,10 |
| « half Anker | – 00,05 |
| Ledige vaten terug de helft. | |
| **Bed en Peul en Kussens** | – 00,40 |
| **Bed en Peuluw** | – 00,30 |
| **Bed alleen** | – 00,20 |
| **Beschuit**, de 100 | – 00,02½ |
| **Bezems** (ieder bos | – 00,05 |
| **Bier** (ieder halve ton | – 00,15 |
| « vierde « | – 00,07½ |
| « kwart « | – 00,05 |
| **Biezen** (ieder bos | *f* 00,02½ |
| **Bindgaren** ieder bos | – 00,05 |

---

Der wurdt suver neat oerslein, dat de skippers hoegden mei dat boekje yn'e hân nea ferlegen te stean. De lêste Aldegeaster fearskipper, Wytse Welling (81), wennet noch middenmank ús en wit oer de skipperij hiel wat te fertellen. As jonge fan 15 jier kaam er by syn heit, Gjalt Hanser Welling, oan board. It fearskip wie doe al in izeren sylskip en hja fearen ien kear wyks nei Ljouwert ta. Tongersdeis fuort, freeds werom. Mei sa'n sylskip hinget men fansels tige fan waar en wyn ôf en as it blakstil wie koste it wolris tsien oeren boomkjen en lûken om te plak te kommen. Mar Bosma en Douma fan Drachten hiene yn dy tiid al in stomboat en mei har makke Welling in ôfspraak: as it tsjinwierre soe de boat har tenei lûke. As it blakstil wie hongen de fearskippen fan De Wylp, Bakkefean, Appelskea, Easterwâlde, De Sweach, Aldegea en Earnewâld tenei oan'e tros fan de stomboat. Dat makke de tocht al in stik nofliker. In grutte, yngripende feroaring kaam der yn 1921, want doe liet Gjalt Welling in motor yn it skip sette en fan dy tiid ôf koene se har sels wol rêde. Hja wiene net mear ôfhinklik fan it waar en ek net fan'e stomboat. Hja koene ek mear dwaan en begûnen doe ek moandeis nei Ljouwert te farren. Fan 1925 ôf wiene Wytse en Hâns Welling de fear-



skippers. Hja lieten doe op'e helling fan Barkmeyer te Stroobos in nije izeren motorboat meitsje. De motor út it âlde skip kaam dêr wer yn. In hiele protte Aldegeasters sille noch wol krekt witte hoe't dat nije izeren skip der út seach. It hat fearn fan 1925-1965 en al dy jierren mei deselde motor.
Fan 1934-1940 hawwe de bruorren Welling ek ien kear wyks op Snits fearn, woansdeis. As it striemin waar wie en it stoarme, dan wie't wolris in heikerwei om oer de Snitser mar te kommen. Yn 1940 ferstoar Hâns Welling en fan dat jier ôf wie Wytse Welling allinne de fearskipper. Nei de oarloch gong de fearskipperij hurd efterút. Hieltyd mear saken en fabriken túgden sels frachtauto's oan en brochten dêrmei har produkten nei de klanten ta. De fearskipper hiene se net mear nedich. En sa kaam it, dat yn 1965 de motorboat foar de wâl kaam te lizzen, foargoed, hy hie syn tsjinst dien. It skip is doe ferkocht oan Tsjalling van der Veen sr. fan Drachten. Dy hat der in soarte fan wenboat fan makke. En no, sa wurdt der sein, moat it skip earne by Snits om yn'e Potten lizze. Sa meitsje de tiidsomstannichheden samar in ein oan in ieuwenâld bedriuw. It doarp hat gjin fearskipper mear en net iens in frachtrider mear nei Ljouwert, Snits, Drachten of Grins. De soannen fan Wytse Welling hawwe wol frachtauto's, mar hawwe gjin fêste plakken dêr't se op fêste dagen hinne ride; hja ride wol oeral hinne mei grutte en swiere frachten, mar binne dochs gjin "frachtriders" mear.
Dit is de foto fan it fearskip, dat in bulte Aldegeasters wol kend ha. Doe't dizze foto makke is, wie't noch nagelnij, suver krekt fan'e helling kommen, de foto is n.t.l. makke yn 1925. De namme "Twee gebroeders" jout de lêzers fan dit stikje gjin swierrichheden, tocht ik. Doe't boppesteande foto makke waard stie Wytse Welling op'e sprong om te trouwen. It takomstich hûs fan it jonge pear stiet ek op'e foto en it is dúdlik te sjen, dat se mei it hûs oan't ynrjochtsjen wiene, de glêsdoeken hingje noch net iens foar de ruten. Yn datselde hûs wennet Wytse Welling noch mei syn hûshâlding. Ta eintsjebeslút neam ik noch efkes de minsken, dy't op'e foto stean. Dat binne op it skip, fan l. nei rj.: Piter de Boer; Bowe Zwerver; Douwe Herder en Wytse Welling. It frommeske op'e wal is Tryntsje A. Welling.

L. de J.


**Rabobank**

ook voor Uw:

*REIZEN

*VERZEKERINGEN

*REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm. telefoon 05127 - 1533



**Reidinga b.v. - Oudega**
**TELEFOON 05127 - 1323 - 1988 - 1993**

* GRONDWERKEN
* AANLEG LANDBOUWWEGEN
* WEGVERHARDING
* BESTRATING
* KIPPERTRANSPORT
* BULDOZERWERK

Levering zand

## FRIJHEIDSFEEST 1913

Hûndert jier wy't lyn yn 1913, hûndert jier frij fan Frânske oerhearsking en twingerij. Oeral yn't lân waarden grutte feesten fierd, ek yn Aldegea. Dizze foto lit us in bytsje sjen fan hoe't it hjir gong. De prins fan Oranje stapt hjir oan wâl en dat wie't begjin fan in dei fan feestfieren. De persoanen op'e foargrûn binne fan l. nei rj.:
op't skip Klaas Ritsma; Foppe Jansma; Harm Jonker; master Bosma; Adolf Hindriks Mulder.
Op'e wal: Jacob Prins (de prins fan Oranje); domeny Adriaan Carsjens; efter Carsjens mei hoed op Jan Jacobsma; Jan Siebenga (hâldt hynder beet, hat pet op'e holle); Jouke Spoelstra? (dirigint fan fanfarekorps "Foarút"). It skip dêr't de fiif mannen op stean wie it fearskip fan Gjalt Welling. It feest waard hâlden op De Bosk.
De foto is ús taskikt troch H. Jacobsma, It West.

L. d. J.



KOOS BAKKER'S

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**
**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle
lederwaren (tuigen, halsters)
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

## IT WITTEN WURDICH

Kampioenskippen FIERLJIPPEN op de twadde en tredde sneon fan augustus yn Winsum.

***

De samlers hawwe allegearre har maaie nûmer fan'e Doarpsomropper weijûn, om't der te min wiene. Boppedat hat de lêsseal frege om alle foarige nûmers foar har archyf. Wy soene it moai fine as der Aldegeasters wiene dy't har alde nûmers dêrfoar misse wolle woene. Graach in berjochtsje oan ien fan ús.

R. J.-U.

*****

Wy fernimme dat alle minsken dy't der rjocht op hawwe, de Doarpsomropper net krije. Bij de Groot en oan'e Achterwei 5 lizze se foar it opheljen.

R. J.-U.

Nei de simmerfakânsje begjinne de ferienings, sport-, dûns- en oare ploegen wer op'e nij. Soe it dêrom net in goede saak wêze as alle skriuwers foar 17 augustus oan'e Doarpsomropper witte lieten wannear har klup wer begjint? As de lêzers der op rekkenje kinne dat alle jierren yn it augustusnûmer fan alle ferienings har begjindei, oere, plak en sa mooglik, har winterprogram te finen is, is eltsenien op'e hichte wannear wat geande is. Boppedat is it faaks foar guon minsken in triuwke yn'e rêch om har as nij lid op te jaan. Wolle jo dan wol, en dat jildt foar eltsenien dy't kopy ynlevert, jo namme (en foar ús gemak jo adres en tillefoannûmer tusken heakjes) der ûnder sette?

R. J.-U.

## FAN ALLES WAT

### NUVERAARDICHHEDEN UT OARE BLEDEN

Zorg nooit dat je hem "tegen" krijgt.
(De "Skoalle-koer")

Gaat u met vakantie of gaat u in het buitenland betaalkaarten verzilveren?
(Vrij Nederland)

De heer J. Rens heeft bezwaren ingediend tegen de hinderwetaanvrage. De heer Rens, die zijn naam overigens in dit verband geheim wil houden, vindt dat een drukpers niet in het centrum van de stad thuishoort.
(Brabants Nieuwsblad)

. . . . . . . ús bestjûrslid Heinze v.d. Heide en spylster fan ús twadde Klaske wiene 25 jier troud.
(De Skoalle-koer)

VOOR BIOBRODEN
gebakken van molensteen, gebroken tarwe, (organisch en biologies verbouwd), zuiver bronwater en bergzout.
Bakkerij Stuurman
(Deventer Dagblad)

### *MEIDIELING OAN'E LEZERS*

***Wy kinne ús lêzers diskear gjin meidielings fan'e Aldegeaster Fûgelwacht oanbiede. Dizze feriening hat gjin kopij ynstjoerd.***

***De samlers***

---

**GEVONDEN:**

Trouwring, inscriptie: "KLAAS, 29-9-1954".

Af te halen bij: Jan Douma, Buorren 43, Oudega Sm.

---






WIJ
SLIJPEN
VAKKUNDIG EN VOORDELIG

Heggescharen
Huishoudscharen
Snoeischaren

Messen, ook met kartel
Veescheermessen
Schaatsen
Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie
Handmaaiers
Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

**H. VEENSTRA**
**Sânbuorren 15**
**Oudega (Sm)**

**Werkplaats:**
**Achterwei 39**
**Tel. 05127 - 1994**



**VEEHOUDERS VAN OUDEGA**
**KOSTENBEHEERSING?**

Veel mechaniseren lijkt fijn,
Voor de winst is het maar schijn,
Laat daarom ook in het komende seizoen,
Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

**FA. TOERING**
staat voor U klaar om voor U o.a.:
**te maaien, voor hooipersen, inkuilen, mest- en gierverspreiden,**
**kraan- en dumperverhuur, enz.**
**Bel vroegtijdig, dit voorkomt teleurstelling.**

Oudega
05127 - 1582

Eernewoude
05117 - 9387

**Beleefd aanbevolen**
**Fa. TOERING**
**Loonbedrijf**

# Nu bij ons te zien en te rijden:

De nieuwe Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel. Een probleemloze kilometervreter met een geweldige trekkracht (top: 140 km/h.), die toch heel stil is. Comfortabel en compleet.

Want zelfs de 5-bak, de brede radiaalbanden, de gelaagde voorruit, het getinte glas rondom, de AM/FM radio en de digitale quartzklok zijn standaard.

Efficiency? De Bluebird Diesel loopt 1 : 18,9 km bij 90 km/h. constant (ECE norm).
Kom eens kijken en proefrijden.
Datsun Bluebird 2.0 GL Diesel v.a.
**24.495,--**




Ook leverbaar als stationwagen.
Lichtmetalen wielen tegen meerprijs leverbaar.
Er is al een benzine-versie v.a. 18.495,- Prijzen incl. BTW, af Lisse.

**autobedrijf drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1**
**DRACHTEN**
**Tel. 05120-12100**
**Na 18.00 uur**
**Tel. 05120-14967-18575**

DATSUN Reken op Datsun.

# Datsun Bluebird nu ook in 2 liter Diesel. Snel en stil.


*Wij,*

*LUITZEN WALTER FABER*

*en*

*MINKE WYNIA*

*litte jimme witte, dat wy fan doel binne op 24 juli o.s. te boaskjen. Wy sizze mekoar it jawurd ta yn'e Lawei te Drachten om 13.45 oere en jûns om 18.45 oere yn ús âlde Herfoarme tsjerke fan Aldegea, wêr't dûmny Hamoen ús houlik befêstigje sil.*
*Dernei hâlde wy feest yn it Miensker.*
*Us nije adres is:*
*Coevorderweg N 24, 7776 BW Slagharen.*

## MEIDIELING FAN DE SAMLERS

Oan ús lêzers:
Spitich, it brief fan ús bûtenlânske korrespondint, Tsjibbe de Jong, stiet diskear net yn'e Doarpsomropper. Dat komt, de kanadeeske PTT staakt. Wy sille him freegje, oft ien fan'e bern it brief tenei ek bringe kin. Better ienris wis, as twaris mis.

De samlers

## JONGES EN FAMKES

Diskear sit der foar jimme in kleurplaat yn'e Doarpsomropper. In aardich wurkje foar jimme om der yn'e fakânsje wat moais fan te meitsjen. Doch jim bêst. Foar de moaiste kleurplaten ha wy in pear pryskes: in boek, in doazefol kleurpotleaden en sa. As jimme der mei klear binne, dan FOAR 16 AUGUSTUS ynleverje op Achterwei 5. Net ferjitte jim adres, namme (folút) en âldens yn te foljen.

Sukses!

## FOAR LETTER

Bewarje yn dyn ûnthâld

it lûd fan dyn soan
by't treintsjeboartsjen;

de frissel fan dyn dochter,
mei'n boek ûnder't lampljocht.

Wuolju se as in wrine
stiif om dyn hert.

Dan kinst' de pine ferneare,
as se der sûnder erch ris op traapje,

letter.

(In fers fan Hans Heyting,
út it Drintsk oerset troch
Teake Hoekema)



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod
yn Aldegea

Wy binne mei fakansje fan 27 july oant 10 augustus

**Waarme Bakker**
**J. JELSMA**

Boarnburgum

**Tillefoan 05126 - 1215**




*Voor al uw:*
*DISCO'S, FUIVEN, FEESTJES enz.*

*HARMEN DE VRIES*
*West 52*



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

*A.J. WELLING*
*BUORREN 18*
*OUDEGA*



de èchte grienteman!

*It adres foar*
*1e klas*
*ierpels - grienten - fruit*
*en*
*libbensmiddels*

*Wy hawwe wer rûme kar*

*En wolle Jo in moaie fruitskaal weijaan?*
*Jo sizze it - of skilje ús mar*

*FOLKERT DE HAAN*
*Tel. 05127 - 1414*


**DE ALDEGEASTER TSJERKEBEAMMEN**

Hjir stean wy nou, wy, d'iep'ren reuzen
Sa lang de pronk'fen Aldegêa.
Hjir tusken tsjerke en posterije
En nou! foroardield ta de dea.

Troch't wreed beslút fen tsjerkefâlden
Meije wy hjir nou net langer stean.
De bile wirdt al foar ues slipe,
Sa mat ues greatheid nou forgean.

Ja! lang haw' wy hjir as stânfriesen
Al stien, en mei ues bledrich krún
Bjuw scaed en lijte brocht sa't hjerde
Oan postoarije en hjar tún.

Mar ek om't plak dêr d'eale deaden
Wird ' yn 'e yw'ge rêste lein,
Stean wy as wachters, steeds omslutend
't Memento mori 't libbensein.

Wiid spraeten wy ues swiere krunen
Heech rikken wy ues reuzelea
En toanden uuren fier de swalker
It fredich doarpke Aldegea.

En komt in stoarm ues te berinnen
Elk biedt him trou de stoere kop.
Hy mei dan skodsje ues en bûwkje
Wy nimme him yn ues earmen op.

Mar f'line hjerst doe wylde stoarmen
It ierdryk teistren, wreed en fel,
Doe waerd it ien fen ues te machtig
Hy briek mids twa, en joech him del.

En sont syn fâl is ues fortrouwen
By tsjerkefâlden glêd ferroun,
Hwent ringen komm' ek wy te fallen
Sa stean wy oan ues libbensjoun.

Mar nei ues scil de sinne scroeije
Hwer't simmers troch ues scadich wie
En scill'de stoarmen frij forniele
Hwer't foartieds jimmer feilich stie.

Ja! siker men scil't onderfine
Mar net oars as ta eigen scea,
Hwent mei ues scil ien diel fordwine
Fen't oansjen dochs fen Aldegea.

A.W.W.Gz

Foarjiersmoanne 1904

---


**DRUKKERIJ S.O.D. b.v.**

**BUORREN 11, OUDEGA (SMALL.)**

**TEL. 05127 - 1755**


---

**R E S E P T:**

Der wie dizze kear gjin resept. De krûdkoeke yn it julynûmer hie by fersin gjin namme krigen, mar wie fan W. Jongsma-de Jong.

IN OARE APELTAART:

250 gr. moal
180 gr. iiskâld diéetvet (becel foar bakken en brieden)
1 dl. kâld wetter
1/2 ytleppel jittik
sa mooglik in bytsje sâlt

It moal troch in souwe (seef) wriuwe. Snij mei twa mesken de becel yn sa lyts mooglike stikjes der trochhinne. Meitsje der mei it wetter en de jittik in bal fan

dy't jo útroalje op it oanrjocht (mei wat moal der op). Tear de lape yn trijen en roalje it noch twa kear út. Lit it opteard 20 min. op in koel plakje ta rêst komme. Roalje it foar de lêste kear út.
Jo kinne it brûken as:

- apeltaart. De skiifkes apel en de rezinen minstens in heal oere stean litte, oerstruid mei rojaal keniel en wat sûker of swietstof.
- taartboajem. Foldwaan mei fruchtesmots as rabarber, apel, abrikoas ensfh.
- koekjes. Reepkes der fan snije mei kummel, sesamsied, raspe tsiis, nuten (mei of sûnder sâld).
- pizza. Foldwaan mei b.p.:
  1. tomaat (sûnder it wiete diel) skiifkes sipel, champignons, tonyn (droegje!), pitersiilje of biezelok.
  2. tsiis, sipel, tomaat, stikjes ferkrûmele bred spek ensfh.

De baktiid hinget of fan wat jo meitsje, de temp. is 200 graden C.

R. J.-U.

s.o.d. b.v.
v.h. Osinga
Boekdruk / Offset / Uitgeverij
De Giek 17 - 9206 AS Drachten
Telefoon 0 5120-12468

1. Knip 9 fjouwerkantsjes út en nûmerje se fan 1 oan't en mei 9. Sko se sa op har plak, dat horisontaal, fertikaal en diagonaal de optelsom 15 is.

2. Folje in wurd yn dy't oan beide wurden in goede betsjutting jout.

b.g.:

| | | |
|---|---|---|
| spoar | hikke | sluter |
| tún | ........ | wurker |
| migge | ........ | brêge |
| keunst | ........ | apel |
| skûtel | ........ | skip |
| wetter | ........ | fûgel |
| klaai | ........ | keapman |
| skouder | ........ | side |
| fet | ........ | iten |
| pot | ........ | line |
| strân | ........ | nut |
| ierd | ........ | fear |
| hals | ........ | feint |
| fuot | ........ | brêge |
| gal | ........ | flaute |
| loef | ........ | barte |
| koal | ........ | blom |
| fracht | ........ | ramt |
| tsjin | ........ | sin |
| slach | ........ | ryp |
| iis | ........ | feint |
| ear | ........ | fearren |

Wa't sels mear betinke kin mei se nei de Achterwei 5 opstjoere. Dy kinne der letter ris yn.


KN 7

**NIJE PUZZELS:**

**Horizontaal: 1.** kort afgebroken geluid, **5.** wilde haver, **7.** honingbij, **11.** nestel, **13.** om die reden dat, **16.** voorzetsel, **18.** vraaggesprek, **20.** selenium, **21.** vallei, **23.** voorzetsel, **24.** lengtemaat, **25.** dun, **26.** kapot, **28.** ambtshalve, **30.** aartsbisschop, **31.** stek, **32.** zuid-oost Europees staatshoofd, **34.** grol, **36.** bijt, **37.** loer, **38.** Chinees in Indië, **40.** kindergroet, **41.** priem, **43.** vogel, **44.** schriel, **45.** vaartuig, **46.** garde, **48.** tegenwoordig, **49.** zangnoot, **51.** mep, **53.** voertuig, **55.** vr. munt, **57.** overblijfsel, **59.** deel van de nek, **60.** deel van de bijbel, **61.** Amerika, **63.** verdrag, **65.** lokspijs, **66.** geheel de uwe, **68.** soort verlichting, **70.** voorzetsel, **71.** reeds, **72.** mogelijk, **76.** ambtshalve, **77.** Egyptische titel, **78.** karpertje, **80.** internationale organisatie, **81.** model, **82.** pl. in Limburg.
**Vertikaal: 2.** boom, **3.** nationaal Indonesisch leger, **4.** rivier in Denemarken, **5.** vlaktemaat, **6.** ten opzichte van, **7.** hetzelfde, **8.** met andere woorden, **9.** meterton, **10.** begeleider, **12.** loge, **14.** gebaar, **15.** jonge leeuw, **17.** zuiver gewicht, **19.** deel van de mast, **20.** plaats in Zuid-Oost Azië, **22.** zeer luid, **25.** zonder testament, **27.** karaat, **29.** voorzetsel, **30.** Amsterdams peil, **31.** Chinees in Indië, **33.** in orde, **35.** drinkgelag, **36.** uitroep, **37.** jonge stier, **39.** struisvogel, **40.** vr. titel, **42.** droog, **47.** eivormig, **48.** windrichting, **50.** voorzetsel, **52.** neger, **54.** opschrift, **55.** militair, **56.** heen en weer, **58.** dominee, **59.** knaagdier, **60.** Amerikaanse ruimtevaartorganisatie, **62.** vredig, **64.** voederbak, **66.** schiet hoog, **67.** toilet, **69.** uitroep, **72.** vloerbedekking, **73.** berekening, **74.** deel van huis, **75.** bedrog, **77.** zangnoot, **79.** zangnoot.



# KINDERSPUL

# OUDEGA 1981



# Kinderspul Oudega 1981.

Hallo jongens en meisjes,

In de laatste week van jullie vakantie gaan we weer een spelweek houden.
Het is de week van 24 tot en met 28 augustus.
Jullie doen toch allemaal weer mee?

## Programma.

### Maandag 24 augustus.

10.00 Straattekenen - op 't plein van de chr. lag. school en van de openb. school 4 - 12 j.
13.30 Zeepkistenrace - zelf maken 6 - 12 j.
Fietsbehendigheidswedstrijden -
fiets versieren 6 - 12 j.
Kruiwagenrace 6 - 12 j.
Autopedrace - plaats Skeane Heawei
t.o. Auke de Boer 4 - 6 j.

### Dinsdag 25 augustus.

10.00 Poppenkast - kantine sportterrein 4 - 8 j.
13.30 Dierententoonstelling - geen pluimvee geen varkens 4 - 12 j.
19.00 Viswedstrijd bij het stoomgemaal
Hengel + aas meenemen 6 - 12 j.

### Woensdag 26 augustus.

10.00 Speuropdrachten op 't sportterrein 4 - 8 j.
13.30 Speurtocht - start sportterrein 9 - 12 j.

### Donderdag 27 augustus.

10.00 Bosspel (fiets meenemen) 8 - 12 j.
16.30 Pannekoeken bakken 4 - 12 j.
Plaats - Skeane Heawei
Meenemen: koekepan + pannekoekmes
bord (naam achterop met pleister)
19.00 Lawaaioptocht - daarna Kampvuur
Verkleed om 16.30 uur komen.

### Vrijdag 28 augustus.

11.00 - 16.30 Spelletjes o.i.d. op het sport-terrein. 4 - 12 j.
Springkussen
Uitreiking prijzen
Meenemen: brood voor het middageten.

N.B. Voor het kampvuur is hout nodig, heeft u iets over, bel dan even met Age Hospes, zodat het 's morgens opgehaald kan worden telefoon 1738.

Gevraagd: medewerkers(sters)
opgeven bij A. Ensing telefoon 1666

Rest ons nog te zeggen, dat we op heel mooi weer rekenen evenals voorgaande jaren. Tot 24 augustus.

De Kinderspulcommissie
Kontaktadres: Aaltje Ensing
telefoon 1666



Namme: ....................................

Ald: ................. jier.

Adres: ......................................

**THEATER, AUGUSTUS:**

| | | |
|---|---|---|
| 17 | JOURE | Park Hermastate. Sprookje: Tijl Uilenspiegel bij de Chinezen. Toegang f 2,00 Aanvang 14.00 uur. |
| 26 en 29 | SNEEK | Poppentheater de Regenboog. Looxmagracht 11. Voor kinderen vanaf 4 jaar sprookjes. Toegang f 4,00. Aanvang 14.30 uur. |
| 28, 29 2,4,5 sept. | JORWERD | Notaristuin: Openluchtspel "Heit der leit in lyk". Aanvang 21.30 uur. Toegang f 10,00. |

**EXPOSITIES, AUGUSTUS:**

| | | |
|---|---|---|
| | DRACHTEN | It Bleekershûs. Tot 26 aug. reliëfschilderen van Jansma, gebruiksaardewerk van David Koppejan. Tot 15 okt. Ids Wiersma, figuurstudies. Tot 1 oktober Thys Rinsema: "Terug van weg geweest". |
| | LEEUWARDEN | Galerie Van Hulsen: aug. Friese kunstenaars met gasten. |
| | LEEUWARDEN | Fries Museum: tot 16 aug. Orgeltentoonstelling (Friese orgelbouwers). |

**MUZIEK, AUGUSTUS:**

| | | |
|---|---|---|
| 5 | LEEUWARDEN | Grote Kerk: Dirk S. Donker, orgel. Aanvang 20.00 uur. Toegang f 5,00. Cjp pas 65 f 3,00. |
| 7 | LEEUWARDEN | Jacobijnerkerk: Pauzeconcert. Aanvang 12.30 uur. Toegang f 1,00. |
| 8 | JORWERD | Herv. Kerk: konsert B. Giesmig, blokfluit en T. Jellema, orgel. Aanvang 20.00 uur. Toegang nti. |
| 11 | BOLSWARD | Martinikerk: Feike Asma, orgel. Aanvang 20.00 uur. Toegang f 4,50. Cjp pas 65 f 3,00. |
| 12 | SNEEK | Martinikerk: Beiaardconcert door Dirk S. Donker. Aanvang 20.00 uur. |
| 14 | LEEUWARDEN | Jacobijnerkerk: Pauzeconcert, Tsjeard van der Ploeg, orgel. Aanvang 12.30 uur. Toegang f 1,00. |
| 15 | JORWERD | Herv. Kerk: konsert Laura Tammeling, sopraan en Theo Jellema, orgel. Aanvang 20.00 uur. Toegang nti. |
| 18 | BOLSWARD | Martinikerk: Christian Mixed Choir uit Toronto o.l.v. Leendert Kooij m.m.v. Brass Quintet. Begeleiding Klaas Jan Mulder, orgel. Aanvang 20.00 uur. Toegang f 4,50. Cjp pas 65 f 3,00. |
| 20 | SNEEK | Zuiderkerk: Koopavondconcert, Huib Nieuwenhuis, hobo; Tjeerd Verbeek, trompet en Germ van der Veer, orgel. Van 20.30 - 21.30 uur. |
| 21 | LEEUWARDEN | Jacobijnerkerk: Pauzeconcert, Nico Verrips, orgel. Aanvang 12.30 uur. Toegang f 1,00. |

Voor informatie over meer orgelconcerten e.d. in Friesland: VVV Drachten tel. 05120-17771, Leeuwarden tel. 05100-32224.

**SPORT, AUGUSTUS:**

| | | |
|---|---|---|
| 1 t/m 6 | SNEEKERMEER | "Sneekweek". |
| 1 | DRACHTEN | Harddraverijen. Aanvang 14.00 uur. |
| 1 | HOLWERD | Rest. op de Pier: Wadlopen naar Ameland. Vertrek 4.30 uur. Aanmelden tel. 05197-1656. |
| 5 | SNEEK | Sneekermeer: Hardzeildag. |
| 7 | JOURE | A.d. Harddraversweg: Swipedei, haddraverijen om de gouden zweep. Aanvang 15.00 uur. |
| 7 | SNEEK | Sneekermeer: Skûtsjesilen. Aanvang 14.00 uur. |
| 8 | DRACHTEN | Harddraverijen. Aanvang 14.00 uur. |
| 8 | HOLWERD | Rest. op de Pier: Wadlopen naar Ameland. Vertrek 8.00 uur. Aanmelden tel. 05197-1656. |
| 15 en 16 | DRACHTEN | De Veenhoop: Evenement voor Ronde- en Platbodemjacht. Vanaf 10.30 uur. |

| | | |
|---|---|---|
| 15 | BERGUM | Sporthal: 4e Friesl.-Drenthe fietstocht 50, 100 en 200 km. Start tussen 7.00 en 14.00 uur. |
| 15 | HOLWERD | Wadlopen vanaf Ameland. Vertrek 14.00 uur. |
| 16 | DRACHTEN | Harddraverijen. Aanvang 13.30 uur. |
| 22 | STAVOREN | Watersportver. Sneek org. prestatietocht voor windsurfers Stavoren - Enkhuizen. Vertrek 10.30 uur. |
| 22 | WINSUM | Fries kampioenschap Fierljeppen. Aanvang 13.30 uur. |
| 29 | LEEUWARDEN | Café de Walden, Hoekstersingel 27: Rond de Oldehove, fietstocht 50, 100 en 150 km. Start tussen 8.00 - 10.00 uur. |
| | GROUW | Toertocht door Midden en Zuid Friesland, 150 km. Routebeschrijving bij garage Fennema, Stationsweg, Grouw. Prijs f 7,50. |

**ALLERLEI, AUGUSTUS:**

| | | |
|---|---|---|
| t/m 3 | WARGA | Kermis. |
| 1, 15, 22, 29 | IJLST | Houtzaagmolen de Rat, te bezichtigen van 9.00 - 12.00 uur. |
| 3 en 4 | SNEEK | Oosterdijkpromenade: Braderie van 13.00 - 18.00 uur. |
| 6, 13, 20 | BALK | Zomermarkt o.a. oude ambachten, kunst en nijverheid. Van 10.00 - 17.00 uur. |
| 6, 20, 27 | BOLSWARD | t.o. Stadhuis: Optreden Bolserter Skotsploech van 12.00 tot 12.30 uur. |
| 13 | JOURE | Midstraat: Friese Markt met demonstaties div. ambachten, o.a. Hindelooper schilderwerk eendenkorven, taaiplanksnijders e.a. Van 9.00 - 18.00 uur. |
| 15 | AKKRUM | Fokdag "It Fryske Greidhynder". Aanvang 9.00 uur. |
| 15 | AKKRUM | Vlomarkt, antiek en curiosa. Van 9.00 - 15.00 uur. |
| 17 | JOURE | Openluchttheater: Het Limburgs Jeugdtoneel met "Tijl Uilenspiegel". Aanvang 14.00 uur. Toegang f 2,00. |
| 22 | BLAUWHUIS | Fokdag "It Fryske Hynder". Aanvang 9.00 uur. |
| 25 t/m 29 | BALK | Lichtweek met op woensdagavond gondelvaart. |
| 28 aug. t/m 5 sept. | DOKKUM | Stadsfeesten. |
| 29 | BERGUM | Fokdag "Ta it Bihâld". Aanvang 9.00 uur. |
| 29 | DRONRIJP | Braderie. Van 10.00 - 17.00 uur. |
| 29 | MAKKINGA | Vlomarkt, antiek en curiosa van 9.00 - 15.00 uur. |
| geh. mnd. | BUITENPOST | Kruidentuin de Kruidhof te bezichtigen van ma. t/m vr. 9.00 - 16.00 uur. |
| ied. zo. | HEERENVEEN | Rotonde Kerk: Diensten voor mensen onderweg. Om 9.30 en 10.30 (Duur 1/2 uur). |

Wannear de kulturele wurklist der net yn stiet komt dat om't "Ljouwert" se krekt net, foar ús op'e tiid, klear hat. Dizze kear in ekstra wiidweidige kar fanwegen de fakânsjes.

R. J.-U.

---

**OPLOSSING PUZZEL JUNY 1981:**

**HORIZONTAAL:**
1. ontmoeten 9. kneep 10. baren 12. E.E.G. 14. Ate 16. ora 18. pervers 21. hev 23. noga 25. naast 26. kade 27. smaad 29. als 30. zomer 31. ta 32. loup 34. erwt 36. r.g. 37. egel 38. goed 39. it 41. emoe 43. ijdel 44. ds. 45. medea 47. tik 49. leges 51. Ikor 52. reeël 54. tube 55. gen 56. portret 58. kan 59. mis 60. pit 62. risee 64. merel 65. natrillen.

**VERTIKAAL:**
1. one 2. neep 3. tegen 4. m.p. 5. eb 6. taart 7. erts 8. nee 11. aroma 13. aval 15. ieder 16. onstuimig 17. aga 19. raap 20. esse 21. lam 22. vergissen 24. aalgier 26. kotelet 28. Doema 30. zwoel 33. ULO 35. r.g.d. 40. teken 42. eter 43. ijker 44. debat 46. don 48. iets 50. G.A.K. 52. roset 53. lepel 56. Pisa 57. tire 59. min 61. ten 63. er 64. m.l.

OPLOSSING JUNY NUMER: Twa kear wage:

I Krij seis biljartballen en lis se trije by trije op'e waachskeal.
1. Slacht er troch, krij dan de swiere helte en lis dêr fan ien op eltse skeal. Dan witte jo hokker de iene swiere is.
2. Slacht er net troch dan hoege jo allinne de twa oerbleaune biljartballen te wagen.

II De twa heiten en twa soannen krije elts trije gûne, om't it mar trije minsken oanbelanget: 1 pake, 1 heit en 1 soan.

---



# familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime*
*keuze uit de meest*
*originele*
*GEBOORTE-*
*VERLOVINGS-*
*HUWELIJKSKAARTEN*

**DRUKKERIJ S.O.D. b.v.**
**Buorren 11, Oudega (Sm.)**
**Telefoon 05127 - 1755***
**(ook 's avonds en weekends na afspraak)**